

Gert-Jan Veenstra, POH-GGZ

Dit giet oer emoasje en commitment, moastst minsken goed begripe kinne

Gert-Jan Veenstra is Praktykûndersteuner Húsdokter Geastlike Sûnensoarch (POH-GGZ) yn Sûnenssintrum De Hertog yn Frjentsjer. Gert-Jan is in bern Noard-Hollanner, en ferhuze yn 2001 foar de leafde nei Fryslân. Hy wurket no al sa'n 13 jier as POH-GGZ en fernaam fuortdaliks dat pasjinten it noflik fine as se harren memmetaal prate kinne. Dêrom hat er him it (Steds)frysk hielendal eigen makke en besiket er dêr't dat kin en nedich is oer te skeakeljen nei it Frysk. 'Ik fyn datst dat oan minsken ferplichte bist yn in helpferliend fak as dit. Dit giet oer emoasje en commitment, moastst minsken goed begripe kinne', neffens Gert-Jan.

Gert-Jan: 'Wy hawwe earst altyd in ynventarisearjend petear, dêr't it tige wichtich by is dat minsken har op it gemak fiele en har frij fiele om te fertellen wêr't se mei sitte. Soms rint immen fêst of sjochst immen brekken en dan op it Frysk weromfallen, mei wurden as "Ik wol net kleie" of "It giet net sa goed". Dan sis ik: "Praat lekker Frysk, dat mei gerêst, ik ferstean it wol" en dan sjochst se ûntspannen. Dyn gefoelens uterje dochst gewoan it bêste yn dyn memmetaal.'

Friezen komme earder to the point

Gert-Jan fernimt wol ferskil tusken Nederlânsk en Fryskpratende pasjinten. 'De Fryske taal hat minder wurden. Dat kinst sjen as in tekoart, mar oan de oare kant fernim ik ek dat Friezen krekt minder wurden nedich hawwe om har te uterjen. Yn it Nederlânsk wurde der faak in soad wurden brûkt om te sizzen watst tinkst of fielt, der is dan eins in soad ôflieding. By de Friezen hearst gjin ûnnedige franje, sy hawwe minder wurden nedich om dúdlik te meitsjen wat der is, komme earder *to the point*. Yn it begjin fûn ik dat lestich, mar nei al dy jierren wit ik faak gau wat der oan 'e hân is. Sinnen as: "It liif wol net, it giet gewoan net", wize faak op oerbelêsting of spanning en dêr kinst op trochfreegje.' Soms, as immen hiel kwetsber is en net út syn wurden komme kin, of as Gert-Jan it Frysk net goed begrypt, wol in grapke ek noch wolris helpe. 'Dan sis ik: "Hast wol mei in Hollanner fan dwaan hear, ik ha wat mear tekst nedich, fertel ris, wêr docht it krekt sear", dan is it iis gau brutsen.'

Normalisearjen fan fertriet

Syn wichtichste taak as praktykûndersteuner fynt Gert-Jan it gerêststellen, en dêrby it normalisearjen fan fertriet, gedrach en pine: skamje dy net, it is net nuver watst fielt. 'Ik fernuverje my alle kearen wer, dat minsken dy net kenne en yn in pear tellen harren siel oan dy bleatlizze. Wat knap datst dat doarst, dy commitment, dêr bin ik alle kearen wer hiel tankber foar. En as dat dan ek noch yn harren memmetaal is, dan is dat in teken dat se har fertroud fiele by dy, dat fyn ik in hiele eare.'

Troch: Wynanda Brander